

Jierferslach 2024 Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân

De Mediaried stelt op foarstel fan it bestjoer it mediaoanbod fêst en se rapportearret jierliks oer de realisaasje dêrfan. Yn 2024 hat de ried yn fiif byienkomsten besocht har wetlike taak ynhâld te jaan. Dêrfoar hat der fjouwer kear regulier oerlis west mei de haadredakteur en de bestjoerder fan Omrop Fryslân.

Neist ynformaasjeoerdracht en advisearring oer de programmearring is der ynbring jûn foar it jierplan fan 2025. Dêrfoar is werom sjoen oft de ynbring fan de Mediaried foar it jierplan 2024 ek yn it oanbod in plak krigen hat. Sa hat de Mediaried it advys jûn om yn 2024 oan bewegingsearmoe oandacht te jaan. Dat is foaral ta utering kaam by it téma sûnens. Suggestjes oan de haadredakteur foar it nije jierplan binne: ferbining tusken groepen, diversiteit en it ferieningslibben.

Krekt as oare jierren hawwe wy fan de haadredakteur in taljochting krigen op de simmer- en winterprogrammearring.

Dêrneist is der foar it earst in bysûndere byienkomst, in achterbanrieplichting organisearre om nei te gean hokker tema's spylje by organisaasjes dy't hearre by in streaming fan de Mediaried fan de Omrop. De ynstek wie om te sjen hokker byld de organisaasjes hawwe fan de Omrop, hokker suggestjes wolle se meijaan en tagelyk libbet de fraach: kloppet it byld oarsom?

Dizze earste kear is keazen foar de streaming Natoer en Lânskip. Alle 13 útnûge organisaasjes binnen dit tema wiene oanwêzich op 11 maart, hast allegear mei de direkteur. Ek wiene der redaksjeleden by dy't mei de oanbelangjende ûnderwerpen dwaande binne. De oanwêzigen hawwe te kennen jûn dat it in tige weardefolle jûn west hat wêrby men goed meiinoar yn 'e kunde kaam is en mear begryp oer en wer krigen hawwe. De oanwêzigen joegen oan dat se oer it generaal posityf binne oer hoe't harren tema's oan bod komme en dat de berjochtjouwing fan de Omrop betrouber en net iensidich achte wurdt. It hat by de evaluaasje opsmitten dat sokke jûnen dúdlik mearwearde fan beide kanten hawwe en dat der sadwaande faker sa'n soarte fan rieplachtsjen oppakt wurde sil.

Wat ek nij is, is de jierlikse besite fan de foarsitter fan de Ried fan Kommisarissen oan de leden fan de Mediaried. It doel is om as RfK útlis te jaan oer harren taak en de saken dy't by har op de wurklist stean. Hjirtroch komt der mear ferbining tusken beide wetlike gremia. Der is ôfpraat dat oarsom de foarsitter fan de Mediaried dat foarlopich ek ienris yn it jier by de RfK docht.

Ek dit jier is der in besite west oan de lanlike dei fan de Regionale Mediarieden. De haadredakteur en de foarsitter fan de Mediaried binne nei Woerden tein en hawwe nijsjirrige ynformaasje opdien oer hoe't Artificial Intelligence har yntrede docht yn Medialân. Fierder ek hoe't der gebrûk makke wurdt fan modellen dy't wurkje op basis fan datasamling oer brûkers, saneamde "userneeds". Op dizze wize wurde troch Media (en ek ús Omrop) ferhalen better tasnien op it ferlet fan it publyk.

De bestjoerder hat ús op 'e hichte brocht fan oare lanlike ûntjouwings en wat der yn algemiene sin spilet by de Omrop. De nije wurkwize wêrby it onlineoanbod in liedend plak krijt is in belangryk ûnderwerp, de takomstige ferbouwing fan de Omropgebou en it opstellen fan it lanlike konsesjebeliedsplan mei dêroan keppele de oanfraach foar in nije konsesje as regionale omrop yn Fryslân foar de perioade 2026-2030.

Sosjale media krije hieltyd mear oandacht yn 'e mienskip, dus ek by de Omrop. Op fersyk fan de Mediaried is troch de socialmedia redaksje útlis jûn oer hoe't hja wurkje, hoe't hja omgeane mei polisarisasje by de kommentaren en wat dêrby de ôfwagings binne.

De ried is ynformearre dat de gearwurking mei lokale omroppen yn nije saneamde Streekomroppen stadichoan de goeie kant út giet benammen de regio's Noardeast (RTV NOF) en Noardwest (Omroep Zilt) steane der goed op.

Leden fan de Mediaried hawwe op útnûging oanwêzich west by in live útstjoering fan in wedstryd skûtsjesilen yn Earnewâld wêrby't we útlis krigen ha oer hoe't de reportaazjes ta stân komme en wat dêr allegearre foar nedich is. De oanwêzige gasten wiene tige ûnder de yndruk fan wat der allegear by te sjen komt om sa'n heechwaardige reportaazje by de minsken thús te bringen.

Yn 2024 is der op konstruktive en noflike wize oerlis west, dêrtroch binne wy goed by steat west de wetlike taak út te fieren, de Mediaried seit hjirfoar tank.

Der is yn it jier 2024 in komplette besetting fan de Mediaried west mei in reguliere wikseling en werbeneamingen. Johannes Houtsma hat nei 8 jier ôfskied naam en we binne bliid dat Pytrik Kooistra-de Groot ree fûn is om de streaming Natoer en Lânskip tenei yn te foljen. Marrit de Schiffart (Media) en Afke Bruinsma (Underwiis) hawwe kenber makke dat sy beskikber binne foar de twadde perioade fan 4 jier en de werbeneaming hat plak fûn. We binne tige ynnommen mei harren reewilligens.

Namme	Organisaasje	Datum beneaming	Datum werbeneaming	Ôf neffens roaster
G. Kingma	Freonen fan Omrop Fryslân	31-01-2022	31-01-2026	
T. Lageweg	Wurkjouwers VNONCW	21-11-2022	21-11-2026	
P. Kooistra – de Groot	Natuer en miljeu It Fryske Gea	30-09-2024	30-09-2028	
D.A. Fokkema	Deskundige bestjoer foarsitter	01-09-2022	01-09-2026	
N. Beetstra	Fryske Taal en Kultuer Ried fan de Fryske Beweging	01-09-2022	01-09-2026	
D. Vollema-Gort	Wurknimmers FNV	01-09-2022	01-09-2026	
A.J. de Vries	Sport en rekreaasje Sport Fryslân	11-09-2018	11-09-2022	11-09-2026
S. van der Meer	Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Fryske Tsjerken fice-foarsitter	10-12-2018	10-12-2022	10-12-2026
M. de Schiffart	Deskundigens media	14-09-2020	14-09-2024	14-09-2028
A. Bruinsma	Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden	14-09-2020	14-09-2024	14-09-2028
J.T. Kooistra	Agraryske sektor LTO	18-09-2023	18-09-2027	

Ut namme fan de Mediaried,

Doeke A. Fokkema,
Foarsitter

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân
Datum	:	4 maart 2024
Oanwêzich	:	Afke Bruinsma Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Nynke Beetstra Fryske Taal en Kultuer Ried fan de Fryske Beweging Doeke A. Fokkema Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Johannes Houtsma Natuer en miljeu It Fryske Gea Jan Teade Kooistra Agraryske sektor LTO Anne Jochum de Vries Sport en rekreaasje Sport Fryslân Daniëlle Vollema-Gort Wurknimmers FNV
Fan Omrop Fryslân:	:	Houkje Rijpstra Direkteur/bestjoerder Ingrid Spijkers Haadredakteur
Ofwêzich m.k.	:	Geert Kingma Freonen fan Omrop Fryslân Tina M. Lageweg Wurkjouwers VNO-NCW Saapke van der Meer Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân Marrit de Schiffart Deskundige Media
Gast	:	Saakje Mulder foarsitter Ried fan Kommissarissen fan Omrop Fryslân
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer Direksjesekretaresse
Lokaasje	:	Omrop Fryslân Fideoromte

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta, mei in spesjaal wolkom foar Saakje Mulder. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist.

2. Yn 'e kundskip komme mei foarsitter Ried fan Kommissarissen Saakje Mulder

Nei oanlieding fan it fersyk fan de Ried fan Kommissarissen om yn 'e kunde te kommen mei de foarsitter fan de Mediaried, is ôfpmaat om omkeard ek mei-inoar yn 'e kunde te kommen. Der wurdt in koart foarstel rúntsje dien. Neist Saakje Mulder bestiet de Ried fan Kommissarissen út: Edwin Meijer, Lian Nijenhuis, Gerrit Hiemstra en Wiebe Wieling.

Sûnt begjin 2018 is Mulder lid fan de RfK en sûnt 1,5 jier foarsitter. De RfK hâldt tafersjoch op de Omrop en dan benammen op de bestjoerder. Dêr ûnder falle bygelyks de finânsjes, mar ek hoe't it rint by de Omrop. Wat binne de risiko's en wat binne de maatregelen dy't der naam wurde om de risiko's sa lyts mooglik te krijen. Dêrneist is de RfK ek in klankboerd foar de bestjoerder (frege en net frege). De strategy fan de organisaasje wurdt troch de bestjoerder foarlein oan de RfK en dy moat harren goedkar hjir foar jaan.

De RfK is de wurkjouwer, docht de evaluaasjes mei de bestjoerder en wannear nedich de oanstelling fan de bestjoerder. De ried komt fiif kear yn it jier byinoar en dêrneist is der noch twa kear yn it jier in oerlis mei de Undernimmingsried. Sa no en dan skowe leden fan RfK oan by byienkomsten fan de meiwurkers om te fielen wat der bart yn de organisaasje. De RfK krijt ynformaasje fan de bestjoerder, mar moat ek sels harren ynformaasje ophelje. Dêrneist binne der ek kontakten mei de RPO en by guon wurkbesites by de Omrop is de RfK ek oanwêzich.

Binnen de RfK binne der twa kommisjes, te witten de auditkommisje dy't harren mei it finansjele part dwaande hâlde en docht oanbefellingen nei de folsleine RfK. De oare kommisje is de remuneraasjekommisje dy't it wurkjouwerskip op him nimt. De RfK is ferplichte om ien kear yn it jier in selsevaluaasje te hâlden. De RfK beneamt sels har nije leden. Ien lid fan de RfK (op dit stuit Lian Nijenhuis) wurdt op advys fan de UR foardroegen.

Fan út de Mediaried binne der de folgjende fragen:

- Moat de RfK ek ferantwurdig ôflizze oer it jild fan de oerheid? Nee dat docht de bestjoerder, de RfK moat lykwols wol harren goedkar jaan. Yntern is de RfK ferantwurdlik foar it tafersjoch en ekstern is it Commissariaat voor de Media ferantwurdlik foar it tafersjoch. Bestjoerder moat dan ek de ferantwurdig by it CvdM ôfjaan (net allinnich finansjeel, mar ek sjen litte dat de Omrop har hâldt oan de makke ôfspraken) Ferskil is wol dat RfK net mei de ynhâld dwaande moat, dat is foar de Mediaried.
- Falt de haadredakteur ek ûnder it wurkjouwerskip fan de RfK? De bestjoerder is de liedingjaande fan de haadredakteur. De haadredakteur skoot wol ienris yn it jier by de gearkomste fan de RfK oan om te fertellen hoe't it giet en wat de ûntwikkelingen binne.
- Binne der ek soarchpunten fan de RfK nei de takomst ta: Saakje Mulder lit witte dat der no net in soad soargen binne; finansjeel giet it goed. Der binne altiten wol in oantal dingen dy't spylje bygelyks op dit stuit is de húsfersting in wichtich punt dêr't de RfK ek by belutsen is. Oer de organisaasjeûntwikkeling wurdt de RfK goed bypraat. It binne relatyf lytse punten dy't der spylje. En it bliuwt polityk en lanlik altiten spannend.
Ek de ferhalen by de NPO oer de ûnfeiligens; dat is wol ien fan ús grutste risiko's, net omdat de Omrop der net klear foar is, mar omdat it effekt grut wêze kin lit bestjoerder witte. Dêrneist is der in risiko dat we gjin goede sjoernalisten fine kinne dy't ek de Fryske taal goed behearskje. Mei de RfK wurdt kontinu it risikoprofyl besprutsen.
- De lanlike Mediarieden sitte ienris yn it jier allegearre byinoar; hat de RfK ek sa'n gearkomste? Ek foar de RfK wurdt der lanlik sa'n dei organisearre troch de RPO.
- Hat de RfK ek it idee dat der op punten oerlaap is mei de Mediaried: Saakje Mulder jout oan dat der by de RfK wolris oanstriid is om harren te bemuoien mei de ynhâld; wylst sy dêr neat oer te sizzen hat. De RfK wurdt goed op 'e hichte hâlden fan ferskate saken en wurdt ek bypraat oer bepaalde ynhâldlike karren.
- Sjocht de Mediaried der ek nei hoe't de minsken befrege en benadere wurde, freget Saakje Mulder har ôf. Foarsitter Fokkema merkt op dat de Mediaried in programma net beoardiele sil, mar hat ynfloed op it algemiene programmabelied en dêrom is dat tema net op tafel kaam. De Mediaried makket him wol soargen oer de polarisaasje yn it algemien en it omgean mei de media. Der wurdt fan út de Mediaried wol nei sjoen oft elkenien mei docht, komt elkenien oan bod. Wat bygelyks wol in tema wêze kinne soe foar de Mediaried is hokker attitude de Omrop yn it algemien hat.
- Is it budzjet ôfhinklik hokker fan hokker kant de formaasje op giet freget Kooistra him ôf. Bestjoerder jout oan dat de formearjende partijen der net hielendal itselde yn steane wat de publike omrop oanbelanget. It wurdt wol spannend hokker kant it op giet en wat krije de regionale omroppen mei fan de ûnrêst dy't der op it stuit by de NPO is. Dêrom nûget bestjoerder keamerleden by de Omrop út om it dêr oer te hawwen. Ferline wike hat bygelyks Aant Jelle Soepboer fan de NSC by de Omrop west en neffens him is der gjin sprake fan dat der feroaringen komme by regionale omroppen, want dy binne tige wichtich. Bestjoerder lit witte dat it fan belang is om dat goed yn 'e gaten te hâlden. Der is foar lanlik en regionaal in aparte lobby.

Ofpraat wurdt om in jierlikse útwikseling tusken Mediaried en RfK ôf te praten (foar de earste gearkomste fan it jier). Saakje Mulder wurdt tige tank sein foar de útlis en taljochting.

3. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 11 desimber 2023:

- *Side 1, punt 2 Rûnetafelpetear Twadde Keamer:* Houkje Rijpstra lit witte dat we fan de Provinsje te hearre krigen hawwe dat it slagget om in minor yn it libben te roppen. De earste twaenheal jier sil troch it Ryk betelle wurde en it twadde twaenheal jier troch de Provinsje. It wurdt regele yn it Bestjoersakkoart Fryske Taal en Kultuer (BFTK). De NHL is de organisator en it curriculum leit it al klear by de NHL.
As it suksesfol is hoopje we dat it langer trochgean kin. De minor is breder dan allinnich sjoernalistyk, mar ek hoe is de kultuer yn Fryslân ensfh.
 - *Side 2, punt 4, Lanlike Mediariedendei:* Johannes Houtsma stelt syn plakje foar dizze dei beskikber omdat hy ynkoarten ôfskied nimme sil fan de Mediaried. De oare leden wurde frege om harren by direksjesekretaresse oan te melden om it plakje oer te nimmen.
- b. Aksjelist: Mediaried belûke by syktocht nei nije foarsitter: kin fan de aksjelist ôf.

4. Meidielingen

Foar kundskip lizze taheakke meidielingen fan direkteur/bestjoerder.

- *Politike ûntjouwings:* bestjoerder sil ynkoarten noch in besite bringe oan in trijetal gemeenten dy't noch mar koart in nije boargemaster hawwe en dêr spilet ek de ferlinging fan de konsesje oan de lokale omroppen ensfh. It is dan ek wol goed om te witten wat der spilet om de lokale omroppen hinne.
- *Húsfesting:* In oantal jierren ferlyn hat FB Oranjewoud frege oft de Omrop ek bouwe wol op it terrein fan MICA (Media Innovatie CAmpus) (dêr't de Leeuwarder Courant no fêstige is). In eksterne partij (Antea) hat in oantal opsjes ûndersocht. De Omrop is bot skrokken fan de kosten fan ôfbrekke en opbouwen en nij bouwe by MICA. De berikberheid is dêr net sa goed as hjir op 'e Himrik en dêrneist binne der twivels oft Utjouwerij Mediahuis (fan û.o. Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad) wol op dat plak bliuwe wol op termyn. Us meiwurkers binne hifke en haw harren foarkar útsprutsen om hjir te bliuwen, benammen wat it parkearen en de berikberheid nei bûten ta oanbelanget. Dêrom ein ferline jier it beslút naam om hjir te bliuwen.
Wat de Omrop no graach oanpakke wol is û.o. de bûtenskiel omdat dizze wat enerzjy oanbelanget ûnder de maat is en de klimaatynstallaasjes binne ferâldere. Dêrneist binne we dwaande mei in nije wurkwize en dat past net mear by hoe't gebou ynrjochte is (foarhinne benammen rjochte op TV en radio meitsjen en no mear op online/socials) en dêrneist sit de Omrop te rom yn it jasje. In part fan it gebou soe ôfstjitten of ferhierd wurde kinne, lykwols meie we fan it CvdM offisjeel net sa'n grut stik ferhiere. Yntusken hat in oare regionale omrop al tastimming krigen foar de ferhier fan in gruttere omfang; dat jout foar de Omrop miskien wer mooglikheden. Bestjoerder jout oan dat we net hastich binne en nimme hjir de tiid foar.
- *Regiohelden festival 11 maart 2024:* Dit festival is bedoeld foar alle meiwurkers foar de 13 regionale omroppen en wurdt dit jier organisearre troch Omrop Fryslân. It sil Fryslân op de kaart sette.
- *Skûtsjesilen 2024:* Houkje Rijpstra kin de leden fan de Mediaried alfêst witte litte dat se útnûge wurde sille foar it Skûtsjesilen op tiisdei 6 augustus 2024 by Earnewâld. Fia de mail sil de Mediaried hjirfoar útnûge wurde.

5. Roaster fan Ofgean

- a. Der is noch net in ferfanger foar Johannes Houtsma; Houtsma bliuwt by de Mediaried oant der in opfolger klear stiet.

- b. Marrit de Schiffart en Afke Bruinsma komme foar in twadde termyn yn oanmerking fan ôf septimber 2024. Sil op de wurklist fan maaie komme te stean.

6. Programmasaken

- a. **Present 'hier nu!':** wurdt nei in folgjende gearkomste ferskood yfm de tiid.
- b. **Sosjale media en polarisaasje:** wurdt nei in folgjende gearkomste trochskood yfm de tiid.

7. Jierferslach 2023 Mediaried

Der binne fan út de Mediaried gjin opmerkingen en de ried is dêrom akkoart mei it ferslach.

8. Byienkomst achterban 11 maart 2024

Ingrid Spijkers lit witte dat se de jûn al mei it team Lân en Wetter tared hat. It team is benijd hoe't it ferrinne sil en is wol wat benaud dat it in soarte fan beoardieling wurdt. It moat in besletten byienkomst wêze dêr't elkenien feilich fentilearje kin en beide kanten ek fan leare. Ingrid Spijkers hat frege oft Eric Ennema de petearlieder wêze wol en hy wol dat graach dwaan. Ofpraat wurdt dat Eric Ennema de 'deifoarsitter' is en de byienkomst iepenje sil en de diskusje/it petear liede sil. De Mediaried sil, as útnûgjende partij, de oanwêzigen witte litte wêrom't dizze byienkomst organisearre is en wat it doel is fan dizze jûn. It moat dúdlik wêze dat it in útwikseling fan ûnderwerpen en ideeën oer en wer is en net in diskusje wêze moat oer de ferskate programma's fan de Omrop. De Omrop wol bygelyks graach fan de achterban witte hokker tema's der spylje en foar de achterban is it goed om te witten wa't de gesichten by it team binne. De leden fan de Mediaried sille prosesbegelieders wêze en de foarsitters fan de wurkgroepkes. Op ien nei hat elkenien dy't útnûge is reagearre en oanjûn oanwêzich te wêzen.

9. Omfreegjen

- *Jan Teade Kooistra:* Fia Facebook wie der kommoasje oer de reklame by Omrop Fryslân fan Wakker Dier oer de 'Sloopmelk' en dêrby waard de Omrop tige negatyf yn fuort setten. Houkje Rijpstra lit witte dat de lanlike reklame's (lykas dizze reklame fan Wakker Dier) útbestege is oan de STER en dêr hat de Omrop gjin ynfloed op. De regionale reklame wurdt troch de akkountmanagers fan de Omrop dien. Kooistra jout oan dat it miskien in goed idee is om fia de socials oan te jaan dat de Omrop dêr fierder gjin ynfloed op hat. Ingrid Spijkers sil dat meinimme.
- *Nynke Beetstra:* Fan út de Ried fan de Fryske Beweging waard opmurken dat de Omrop op Facebook sûnt koart ferwiisd nei de Nederlânsktalige side. Ingrid Spijkers lit witte dat dat in bewuste kar is omdat de Omrop in grut part fan de Nederlânsktalige minsken mist op de webside en app. Dat is benammen omdat se muoite hawwe mei it lêzen fan de Fryske taal. Op dizze wize komme se wol by de Omrop terjochte. De measte minsken witte nammentlik net dat de Omrop ek Nederlânsktalige berjochten hat. Dit is no in eksperimint foar trije moannen en dan sjogge we wer fierder. Wolle sjen oft we sa in grutter berik yn Fryslân krije kinne om safolle mooglik minsken ynformearje te kinnen. Fierder wie de Ried fan de Fryske Beweging posityf oer de langere artikels. En Nynke Beetstra fûn sels Scoute mei Berend in prachtich programma.

10. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 17.35 oere.

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân	
Datum	:	13 maaie 2024	
Oanwêzich	:	Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Johannes Houtsma Geert Kingma Tina M. Lageweg Saapke van der Meer	Fryske Taal en Kultuer Ried fan de Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Natuer en miljeu It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Wurkjouwers VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân
		Marrit de Schiffart Daniëlle Vollema-Gort Anne Jochum de Vries	Deskundige Media Wurknimmers FNV Sport en rekreaasje Sport Fryslân
Fan Omrop Fryslân:		Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers	Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
Ofwêzich m.k.	:	Jan Teade Kooistra	Agraryske sektor LTO
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer	Direksjesekretaresse
Lokaasje	:	Omrop Fryslân	Fideoromte

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist.

2. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 4 maart 2024:

- Tekstueel binne der gjin opmerkingen.
- Nei oanlieding fan it ferslach:
- *Side 3, punt 4, húsfeasting:* Johannes Houtsma freget him ôf oft der al sicht op is wa't yn de frijkommen romte komme sil? Bestjoerder lit witte dat der wol belangstelling foar is, mar safier is it eins noch net, der moat earst in romtestaat en tekeningen makke wurde. It moat wol in organisaasje wêze dy't by de Omrop past.
- Doeke Fokkema freget him ôf yn hokker tiidsrek moat de wetsferoaring tapast wurde oangeande de streekomroppen. Bestjoerder lit witte dat ein 2026 de 80 streekomroppen foarme wêze moatte. It wetsfoarstel foar de wiziging skoot lykwols hieltiten fierder op. Konesjes wurde no jûn foar in lokale omrop oant ein 2026. Yn it noarden fan Fryslân is it eins al foarinoar. RTV NOF, Zilt en Omroep Leeuwarden. Foar Súdwest Fryslân en de Fryske Marren is der Radio Spannenburg. En yn de oare helte Odrie en Ying media (dat is in kommersjele partij). Yn it rûntsje mei de boargemasters is dat faak ta besprek west. Yn Eaststellingwerf hat men noch wol muoite mei de taal; Houkje Rijpstra tinkt dat dêr wol goeie ôfspraken oer makke wurde kinne. Is in hiel proses wat der spilet. Takom wike is der tegearre mei RTV Drenthe en RTV Noord in byienkomst mei de lokale omroppen oer wêr't we no steane en wat we foarinoar betsjutte kinne. We dogge der wol fan alles oan. Goed dat we dat folgjen bliuwe, jout foarsitter oan.

b. Aksjelist

- Achterban-gearkomste kin oanpast wurde nei oandacht foar folgjende achterban-gearkomste.
- Alle leden fan de Mediaried binne útnûge foar in dei nei it Skûtsjesilen op tiisdei 6 augustus oankommende.

3. Meidielingen

- a. Weromblik lanlike dei Regionale Mediarieden: Foarsitter en haadredakteur binne tegearre nei dizze dei west. It wie in nijsgjirrige dei lit foarsitter witte. It stie bygelyks yn it teken fan lanlike ynformaasje oer wat der spilet by de publike omroppen, lykas wat de nije formearjende partijen anst mei de publike omroppen dogge en wat dat betsjutte kin foar de regionale omroppen. Dêr is noch in soad ûndúdlikheid en soargen oer. Dêrneist koene de oanwêzigen yn groepkes útinoar en der wie ek in soad ynformaasje oer it digitale tiidrek dêr't wy yn telâne kaam binne. Foarljochting oer hân, bygelyks oer de nije wize fan wurkjen mei smartocto, userneeds model (mjitynstrumint op basis fan datasammeling programma's meitsje) ensfh.. Foarsitter soe him foarstelle kinne dat dat by de Mediaried ek noch wolris in tema ta besprek wêze kin, om te sjen hoe't dat brûkt wurdt yn it deistich wurk by de Omrop. Ingrid Spijkers jout oan dat de digitalisearingslach (wêrûnder AI) ús de kommende tiid goed dwaande hâlde sil. Foarsitter wol de oare leden fan herte oanbeveelje om ris sa'n lanlike dei mei te meitsjen.
- b. Weromsjen Achterbanbyienkomst (11 maart 2024) + ferfolch: Fan út de oanwêzigen fan de Mediaried wurdt beneamd dat it opfallend wie dat de opkomst sa heech wie, wêrby't eins elkenien wol oan it wurd west hat. De achterban-organisaasjes seagen ek it belang fan de oanwêzigen. Dat wie benammen ek in komplimint foar de organisaasje. It útinoar gean yn de groepkes hawwe guon wol mist, mar oan de oare kant hat it der wol foar soarge dat alle oanwêzigen deselde ynformaasje krigen hat. Haadredakteur hat yntusken mei de sjoernalisten evaluearre, wienen entûsjast, it wie in nuttige byienkomst, mar soene bygelyks de folgjende kear ek wol graach yn groepkes útinoar gean om noch wat djipper op it ûnderwerp yn te gean. Ek sy wiene ûnder de yndruk dat elkenien der wie; it docht bliken dat de Omrop altiten noch sjoen wurdt as in betroubere partner. It netwurk is hjirmei ek wer útwreide. De organisearjende leden hawwe de folgjende ferbetterpunten: yn groepkes útinoar om it petear konkreter en miskien noch wat skerper fiere te kinne. De rol fan de Mediaried soe wat dúdliker nei foaren kommen moatte. Der wurdt mei de oanwêzigen bepraat oft de gearkomste fûneminteel oars of dat it fierder útboud wurde moat. Moatte de domeinen it ûnderwerp wêze of in achterban. Der kin ek besjoen wurde wêr't it ferlet fan de Omrop it measte leit. Ofpraat wurdt dat dit ûnderwerp op de wurklist fan de septimber-gearkomste komt te stean. Haadredakteur sil mei de teams fan de Omrop beprate wat in aktueel tema wêze kin en ek de leden fan de Mediaried sille hjiroer neitinke → **aksje wurklist septimber** Foarsitter slút dit punt ôf troch te sizzen dat it in goede earste achterban-gearkomste west hat, dat it bliken dien hat dat der ferlet fan west hat en dat we it graach trochsette wolle.
- c. Jierferslach 2023: Anne Jochumde Vries freget him ôf oft der ek noch in publyksferzje komt fan it jierferslach. Dat leit noch yn 'e weak lit bestjoerder witte.
- d. Regioheldenfestival: de Omrop hat op dit festival de Gouden Regio-award wûn mei de FryslânDOK Boltha Zathe, fan in talentearre jonge programmamakker. Takom wike sil Ingrid Spijkers tegearre mei in delegaasje fan Omrop Fryslân, ôfreizgje nei Poznan, foar it Circomcongres (Europeeske organisaasje foar regionale omroppen), want ek dêr is de Omrop yn de prizen fallen, mei Fryslân DOK Blaasmuzyk en in earfolle fermelding foar Bartele Bûse en Present Hier en Nu (Youtube-searje oer polarisaasje).

- e. Fierder oer de Omrop: Drok wykein achter de rêch mei Songfestival/Joost Klein en alles wat dêr by wie. Hiele goede beriksifers benammen foar de Nederlânske berjochten en it live blog; de Omrop wie hjiryn liedend. Dêrneist hiene we freed ek noch de HT-race en it ôfskied fan it Cambuurstadion, dêrom wiene der in soad ekstra minsken oan it wurk. Bestjoerder en haadredakteur binne tige grutsk op hoe't it allegearre ferrûn is.
- f. Meidieling foarsitter: lit witte dy hy op de list stiet om ûnôfhinklik foarsitter te wurden fan Nationaal Park de Alde Feanen. De foardracht wurdt kommende woansdei besprutsen en besluten.

4. Roaster fan Ofgean

a. Foardracht nij lid Mediaried

De mediaried is posityf oer de foardracht fan Pytrik Kooistra-de Groot as nij lid Natuer en Miljeu. De foardracht sil dêrom foarlein wurde oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân.

b. Werbeneaming leden Mediaried

Foar werbeneaming komme de leden Afke Bruinsma (Underwiis, edukaasje en wolwêzen) en Marrit de Schiffart (deskundige Media) yn oanmerking. Beide leden jouwe oan dat se harren noch graach foar in twadde termyn ynsette wolle by de Mediaried. Mei applaus wurde de beide leden foar fjouwer jier werbeneamd.

5. Fan de beliedssyklus

a. Weromsjen jierplan 2024

Ferline jier hat de Mediaried it punt 'bewegingsearmoede' taheakke oan de jierplannen.

Foarsitter freget oft de Mediaried dat ek weromsjoen hat yn de programmearring.

It ûnderwerp sûnens yn it algemien, meidwaan ensfh. is al wol goed oppakt troch de Omrop lit de Mediaried witte. Previnsje is miskien noch wol in ûnderwerp foar de kommende tiid.

Ingrid Spijkers: We besykje minsken om te ynspirearjen om yn beweging te kommen. No bygelyks troch programma's oer de Slachte, Fyts11 en de HT-race. Is benammen om minsken te motivearjen en de bewustwurding fan bewegen.

Los fan de eveneminten, binne der yn it deistich libben ek dingen dy't de Omrop oppakke kinne om te sjen hoe't je mear bewege kinne. Safier is de Omrop noch net lit haadredakteur witte.

b. Ynput foar útgongspunten Ferhalen

As eventuele ûnderwerpen foar it nije jierplan wurdt ûnder oare neamd:

- *It ferskaat oan minsken yn de provinsje*; mear kleuren. Ferbining tusken ferskillende groepen en diversiteit. Ferbining tusken stêd/plattelân, generaasjes ensfh. Haadredakteur jout oan dat it ek oer it bewustwêzen giet en soe it wol meinimme wolle yn it jierplan. Omrop is al wol dwaande yn it bedriuw mei ûndersyk nei *diversiteit/ynklusje lit bestjoerder witte*.
- *Frysk*: Wurdt al aardich wat dien oer it Frysk dien yn de programmearring lit haadredakteur witte. Nijs oer it Frysk is altiten in tema. Wurdt wol folge troch de Omrop en dogge bygelyks oan it Frysk Diktee.
- *Ferienings/mienskiplibben (wy-gefoel/noed oer de regeljouwing/weromrinnen fan de leden ensfh..)* Problematyk is helder jout haadredakteur oan en wurdt ek wol oandacht oanjûn yn de programmearring. Mar sil neitinke oer in tema wat eventueel yn it jierplan/ferhalen meinaam wurde kin.

- By Sport yn it Jierferslach en by Ferhalen: "... mei oandacht foar topsport en de Fryske sporten". Foarsitter freget him ôf oft de amateursporten hjiryn bewust fuort litten binne. Haadredakteur lit witte dat dat kloppet omdat it net mooglik is om alles tagelyk te dwaan. Der wurdt op dit stuit oan wurke om te sjen hoe't we de ferskillende sporten oppakke sille (bygelyks wat dogge we wol en op hokker kanaal en wat dogge we net) lit haadredakteur witte. Dizze diskusje folget de Mediaried ek graach, jout foarsitter oan.

6. Programmasaken

Fêststelle programmearring twadde helte 2024

Presintaasje haadredakteur Ingrid Spijkers

De ôfrûne jierren wie Simmer yn Fryslân der op TV en radio mei de doarpen-toer. Dit jier sil it oars dien wurde en sil der rjochte wurde op oare kanalen. De slogan is: *Simmer yn Fryslân we komme der oan*. It publyk wurdt frege om troch te jaan wêr't de Omrop hinne moat en hjirby sil de fokus wêze op socials web/app. Dêrneist is de Omrop fansels by alle Fryske sporten. Nei de simmer sil dat evaluatearre wurde en sil der besjoen wurde wat de ferskate eveneminten op ús kanalen dien hawwe.

De radioprogrammearring sil ynkoarten goed tsjin it ljocht hâlden wurde.

Op it stuit wurdt der wurke oan in nij polityk programma, dat sil nei de simmer útstjoerd wurde.

Der wurde no al opnamen makke foar in programma mei Reitse oer ûnder oare sûn iten.

Yn de simmer wurdt der net wurke mei de domeinen (benammen troch de fakânsjes en ferskate eveneminten) en giet elkenien wer werom yn it roaster. Nei de simmer wurde de domeinen wer opstarten.

Nei in fraach fan út de Mediaried, kin Ingrid Spijkers witte litte dat it IFKS-skûtsjesilen deselde formule hawwe sil as ferline jier. De Omrop is der alle dagen live by, der sille allinnich gjin live bylden fan de wedstriden útstjoerd wurde.

7. Omfreegjen

- Nynke Beetstra freget oft der op de webside ek in deistich programma-oersjoch (gids) te fine is. Haadredakteur lit witte dat dizze der net is.
- Tina Lageweg seit tank foar de blommen dy't se koartby ûntfongen hat.
- *Konsesjebeliedsplan*: Bestjoerder lit witte dat der mei de 13 regionale omroppen wurke wurdt om in nij Konsesjebeliedsplan te skriuwen. De Omrop moat yn 2026 in nije konsesje hawwe. De Provinsje sil hjirfoar advisearre rjochting it ministearje fan OCW. Ynhâldlik wurdt der mei de Omroppen oer praten en it docht bliken dat der wol ferskil sit tusken de ferskate omroppen. Dan is it wol lêstich om ús eigen dingen nei foaren te bringen.
- Ynventarisearring wurklistpunten foar septimber:
 - Polarisearring/sociale media
 - Achterban byienkomst 2025

8. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomst om likernôch 17.50 oere.

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân	
Datum	:	30 septimber 2024	
Oanwêzich	:	Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Johannes Houtsma Geert Kingma Jan Teade Kooistra Pytrik Kooistra Marrit de Schiffart Anne Jochum de Vries	Fryske Taal en Kultuer Ried fan de Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Natuer en miljeu It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Agraryske sektor LTO Natuer en miljeu It Fryske Gea Deskundige Media Sport en rekreaasje Sport Fryslân
Fan Omrop Fryslân:	:	Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers	Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
Ofwêzich m.k.	:	Tina M. Lageweg Saapke van der Meer Daniëlle Vollema-Gort	Wurkjouwers VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân Wurknimmers FNV
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer	Direksjesekretaresse
Lokaasje	:	Omrop Fryslân	Fideoromte

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der is in spesjaal wolkom foar Pytrik Kooistra-de Groot fan de streaming natuer en miljeu. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist.

2. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 13 maaie 2024:

- Tekstueel binne der gjin opmerkingen.
- Nei oanlieding fan it ferslach:

Ynhâldlik: Foarsitter lit witte dat de leden fan de Mediaried útnûge wiene foar it Skûtsjesilen op 6 augustus, dat hat in prachtige dei west. Aardich dat de projektlieder de achtergrûn fan it skûtsjesilen útlein hat. Der wiene ek in soad oare gasten, ûnder oare direkteuren fan de oare regionale omroppen. Sy wiene ûnder de yndruk fan de omfang fan it projekt. Fierder gjin opmerkingen oer it ferslach.

b. Aksjelist

- Der binne gjin oanpassingen yn de aksjelist.

3. Meidielingen

- Ingrid Spijkers lit noch witte dat yn gearwurking mei Planbureau Fryslân de Omrop in ûndersyk dwaan sil oer hoe't de Friezen nei de Omrop sjogge. En hoe't we dêrneist mear ynsjoch krije oangeande nijsmijers, minsken dy't mar in bytsje fertrouwen hawwe yn de media en minsken dy't ôfheakje.
- Fyzje AI: De útgongspunten fan de Omrop binne fêstlein. De definitive fyzje moatte we noch mei oan 'e slach lit bestjoerder witte, dit is in earste opset. Ofpraat is dat it brûkt wurde kin, mar dat de minske it lêste each derop hat. Ynset fan AI moat melden wurde.

- Fertikal fideo's: Nynke Beetstra freget wêrom't dizze fideo's yn it Nederlânsk ûndertitele wurde en hoe bart dat dan? Haadredakteur jout oan dat dizze fideo's ûndertitele wurde omdat de measte minsken fideo's faak sûnder lûd sjogge. Mar der wurdt altiten noch wol troch in meiwurker nei de ûndertiteling sjoen. Bepaalde programma's wurde ek, mei de hân, ûndertitele; dat kostet noch wol in soad tiid. De systemen foar it Frysk ûndertiteljen binnen noch net goed útwurke, lit Houkje Rijpstra witte. Mei de Fryske Akademy wurdt sjoen oft we dêrfoar in kwalitatyf systeem krije kinne. Uteinlik soene we graach wolle dat minsken kieze kinne foar it Frysk of Nederlânsk ûndertiteljen.
- Nije hierders: Bestjoerder lit witte dat sûnt hjoed de OVEF in nije hierder yn ús gebou is. Dat is in publike organisaasje foar enerzjy yn Fryslân, keapet gas en elektrysk yn foar alle gemeenten yn Fryslân en foar in part fan de Provinsje. De hjir Omrop is hjir ek by oansletten.

4. Roaster fan ôfgean

a. Foardracht nij lid Mediaried

Pytrik Kooistra-de Groot sil Johannes Houtsma opfolgje fan út de streaming Natuer en Miljeu. Yn maaie is de foardracht nei de Provinsje ferstjoerd, mar der is noch net in formeel berjocht fan de Provinsje op dizze foardracht; foarsitter giet der lykwols fan út dat dat gjin probleem wêze sil. Der wurdt koart in foarstelrûntsje dien. Pytrik Kooistra, wurket yn it ûnderwiis, mar is dêrneist lid fan it Fryske Gea en sil fan út dy rol by de Mediaried oanslute. Der wurdt Pytrik Kooistra in goede tiid tawinske by de Mediaried.

5. Presintaasje Konsept Konesje Beliedsplan

Bestjoerder lit witte dat it Konesje Beliedsplan it plan is dêr't de Regionale Omroppen yn 2026 de konesje op hoopje te krijen om nochris fiif jier útstjoere te meien as regionale omrop yn Fryslân. Mei de 13 regionale omroppen is de ôfrûne tiid wurke om dêr in plan foar te meitsjen. Yn it plan stiet wat dien wurde sil foar it jild wat de omroppen krije. Dat kin net allinnich itselde wêze as wat de ôfrûne jierren dien is, mar ek moat sjen litten wurde dat de omroppen begripe wat der kwa mediakonsumpsje bart en dat de omroppen dêr op ynspylje. De boustiennen dy't der no lizze binne in goed begjin, mar kwa omfang is it noch wol in hiel grut plan. Der moat noch wol in goede slach trochhinne makke wurde.

Mei dizze boustiennen geane alle omroppen nei harren achterban, lykas de Mediarieden.

Fia in presintaasje rint bestjoerder mei de Mediaried troch it Konesje Beliedsplan.

Fan út de ried komt de fraach nei it ferfolch fan it proses. Bestjoerder jout oan dat it heechst wierskynlik noch in soad diskusje opsmite sil. Der sil besocht wurde om ien dokumint te meitsjen, mar tagelyk binne der 13 omroppen mei ferskate achtergrûnen, regio's en tempo's. Yn al dy regio's wurdt no feedback ophelle en oan 'e hân dêrfan sille de omroppen wer byinoar sitte. It mienskiplike dokumint giet dêrnei nei de eksterne stakeholders (Commissariaat vd Media en de Raad vd Cultuur) foar feedback. Dêrnei komme de omroppen wer byinoar en dan moat der in konsept dokumint lizze. It konesje beliedsplan wurdt troch alle omroppen tagelyk yntsjinne, dat sil yn maart 2025 wêze. De oanfraach foar de konesje moatte alle omroppen apart yntsjinje.

Foarsitter seit de bestjoerder tank foar de presintaasje en winsket bestjoerder en haadredakteur sukses mei it ferfolch hjirfan.

6. Programmasaken

- a. Evaluasje Simmer Yn Fryslân: Ingrid Spijkers lit witte dat de Omrop dit jier in wat oare doelgroep oansprekke woe by SYF. In doelgroep dy't de Omrop sa no en dan folget, mar ek op 'e hichte wêze wol fan alle eveneminten yn de Provinsje. De Omrop is op paad gien mei in bus, in radioferslachjouwer en in sosjal media redakteur, alle dagen, foar seis wiken lang. Der is in soad oandacht west foar it ynstallearjen fan de app dizze simmer. De sosjal media kanalen ha it hiel goed dien, benammen Instagram. By de SKS-útstjoering is it gemiddelde TV-berik sakke, mar Youtube en socials binne omheech gien. By it keatsen seagen we dat de measte minsken de Omrop fia web/app folgen. Jan Teade Kooistra lit witte dat hy it kommentaar fan Roelof Bouwmeester by SKS hiel goed fûn en by de IFKS de items fan Willem Vermeltvoort dêr om hinne wiene hiel aardich.
- b. Programmearring Hjerst/Winter 2024/2025
Fan út de nije hybride studio wurdt dizze wike starten mei in nij polityk programma: De Vrieske Wike mei Roelof de Vries yn stee fan it Polytburo. De Vrieske Wike wurdt in podcast en in TV-programma. Fan út dizze selde studio wurdt ek Op & Ut makke, foar TV sil dêr in kompilaasje fan makke wurde. Dizze beide programma's kinne reedlik budzjet neutraal makke wurde.
Fierder komme der dizze winter noch de folgjende wizigingen:
- 'Sicco, de verdwenen marechaussee' is in nije podcast.
- HEA! krijt in nije foarmjouwing en leader.
- Oer de Grins fan Jennifer
- Fan Binnenút sjocht by kuorbalferiening LDODK
- De Radioprogrammearring sil fan novimber ôf yn stappen oanpast wurde.
Pytrik Kooistra freget har ôf oft der al beriksifers binne fan de podcast 'Sicco'. Haadredakteur lit witte dat dy der noch net binne. Komme der yn 'e takomst noch mear podcast's? Ingrid Spijkers lit witte dat dat wol it doel is, mar dan kin der wol minder dien wurde op radio, omdat dat út itselde budzjet (audio) komt.
Marrit de Schiffart sjocht wol in soad sifers foarby kommen; hoe sjocht de Omrop nei de sifers, yn it belied wurdt neamd dat it benammen om kwaliteit giet en minder om kwantiteit. Haadredakteur jout oan dat de Omrop graach witte wol op hokker kanaal at minsken sitte. Der wurdt in soad jild yn eveneminten stutsen, mar as wy sjogge dat dat weromrint, dan moat der wol goed nei sjoen wurde. De sifers helpe dêr by, al kin de ôfwaging ek wêze dat it by ús publike opdracht heart.
De mediaried hat ferline jier oanjûn dat se graach sjocht dat der mear oan bewegings-earmoede dien wurdt. Ingrid Spijkers jout oan dat dat no bygelyks werom komt yn it programma Fan Binnenút oer LDODK en de simmer-eveneminten lykas 'De Slachtemaraton', it keatsen ensfh..

De haadredakteur wurdt tank sein foar de presintaasjes.

7. Sosjal Media en polarisaasje

Wander Wartena fan de sosjal media redaksje skoot oan om in pear foarbylden fan haatberjochten te bepraten en út te lizzen hoe't de kommentaren yn 'e gaten hâlden wurde en wat de ôfwagings dêrby binne. Foarearst wurdt der besocht om it safolle mooglik tsjin te gean dat minsken haatreaksjes jouwe troch goed nei te tinken wat der pleatst wurdt en wat it doel is fan it pleatsen fan de berjochten.

Anne Jochum de Vries: wa nimt it beslút om immen te blokkearjen: earst wurdt dat bepraat binnen de social mediaredaksje. As it team der net útkomt dan geane se dêrmei nei de einredakteur of úteinlik de haadredakteur. Dat bart lokkigernôch net faak.

Nynke Beetstra: dit giet oer haatreksjes, mar wurdt der drige? Haadredakteur jout oan dat dat in oar ferhaal is, dan wurdt de plysje ynskeakele. Dat bart eins net; dat komt mear foar op X. Pytrik Kooistra: is sosjal media, nijs of entertainment? Dat is beide, it hinget fan it kanaal ôf lit Wander Wartena witte. Op Instagram komt oare content as op Facebook, dêr wurdt wol ûnderskied yn makke.

Nei oanlieding fan in fraach oangeande de transysje fan tradisjoneel nei moderne kanalen lit Ingrid Spijkers witte dat der op it stuit deis twa minsken op de sosjal media redaksje sitte dy't alle content ferwurkje moatte. It doel is om dat takom jier te ferdûbeljen, sadat der mear balâns by de kanalen komt.

Foarsitter seit Wander Wartena tank foar syn presintaasje. It is in nijsgjirrich ûnderwerp en stelt foar om it takom jier nochris op de wurklist te setten om te sjen hoe't it him ûntjout → **aksjelist**

8. Achterbanbyienkomst 2025

De foarstellen foar in folgjende achterban-byienkomst binne ûnder oare:

- Wenjen – tekoart oan sosjale wenningen
- Feroarjende en tekoartenarbeidsmerk – Underwiis – Ofstân ta de arbeidsmerk
- Previensje oanpak sûnens – sosjale basis – hoe geane wy mei-inoar om – kânsen om sûn te libjen te fergrutsjen

Ofpraat wurdt om dit troch te skowen nei de desimber-gearkomste. Elk wurdt frege om nei te tinken oer dizze foarstellen, sadat dat der in beslút nommen wurde kin oer it tema foar de byienkomst. En sadat der dêrnei in wurkgroep gearstald wurde kin. It doel fan de achterban-byienkomst moat hjiryn goed nei foaren komme; wat is der foar de achterban en de Omrop út te heljen → **aksje alle leden oer neitinke en op de wurklist fan de desimbergearkomste.**

9. Omfregjen

- Ynventarisaasje ûnderwerpen: der binne gjin oare punten foar de desimbergearkomste.
- Gedrachskoade (nei oanlieding fan Marianne Vaatstra) hat de Omrop dêr ek mei te krijen, freget Nynke Beetstra har ôf. Haadredakteur jout oan dat dat net it gefal is, de Omrop hat har eigen morele grinzen.
- Nynke Beetstra merkt op dat der by Uitzending gemist neat te finen is fan de Omrop. Ingrid Spijkers jout oan dat dat kloppet, dat giet fia VOD (NL Ziet of NPO Start), safier is de Omrop noch net.
- Fan út de achterban fan de Ried fan de Fryske Beweging komt de fraach wêrom't de berjochten op Facebook hieltiten faker yn it Hollânsk pleatst wurde. It berjocht sels is wol yn it Frysk, mar de link ferwiist nei de Hollânske side. Wat is dêr de reden fan: Haadredakteur jout oan dat dat in bewuste kar is. It trochklikken wurdt net in hiel soad dien, mar de web/app wurdt wol hieltiten faker yn it Hollânsk lêzen. It totaal berik wurdt dêrom wol foars grutter. Ek om't de Nederlânsktalige berjochten goed fûn wurde troch Google.

10. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 18.05 oere.

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân	
Datum	:	9 desimber 2024	
Oanwêzich	:	Nynke Beetstra Doeke A. Fokkema Jan Teade Kooistra Pytrik Kooistra Tina M. Lageweg Marrit de Schiffart Daniëlle Vollema-Gort Anne Jochum de Vries	Fryske Taal en Kultuer De Fryske Beweging Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Agraryske sektor LTO Natuer en miljeu It Fryske Gea Wurkjouwers VNO-NCW Deskundige Media Wurknimmers FNV Sport en rekreaasje Sport Fryslân
Fan Omrop Fryslân:	:	Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers	Direkteur/bestjoerder Haadredakteur
Ofwêzich m.k.	:	Geert Kingma Saapke van der Meer	Freonen fan Omrop Fryslân Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân
Ferslach	:	Afke Bruinsma Hiltsje Stremmer	Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Direksjesekretaresse
Lokaasje	:	Omrop Fryslân	Fideoromte

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist.

2. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 30 septimber 2024:

Der binne gjin oan- of opmerkingen oer it ferslach en wurdt dêrmei fêststeld.

b. Aksjelist

Der binne gjin oanpassingen yn de aksjelist.

3. Programma-saken

Presintaasje Winter- en Krystprogrammearring 2024/2025

Haadredakteur Ingrid Spijkers ljochtet de programmearring foar de kommende tiid ta, mei de fraach oft dit sa oanslút by it byld dat de Mediaried hat fan it media-oanbod.

Fryske top 100 is ferline wike fan start gien op radio/tv en dit jier binne ek de socials belutsen, dat hat al in soad stimmers oplevere, dat wurket goed. Op dizze wize wurdt der besocht om de jongerein mear by de Fryske muzyk te belûken op oare kanalen. Dat makket it projekt lykwols wol wat djoerder trochdat der meardere meiwurkers ynset wurde moatte.

Guon meiwurkers is frege wat it meast bysûndere ferhaal is wat se makke hawwe it ôfrûne jier en sille dêr mei de haadpersoan op weromsjen foar radio/tv en online. Om de Kryst hinne wurde der in oantal specials útstjoerd lykas 'De Emigrant'. Yn de wike fan âld/nij binne der fjouwer ôfleveringen fan 'de seizoenen troch mei Reitse' en in moaie bernefilm mei ûnder oare Joop Wittermans te sjen. Yn jannewaris wurdt der wer starten mei in nije rige fan 'Byt'.

Om de harkers yn 'e earste wike fan 2025 besykje fêst te hâlden, is der wer 'Sis it Mar' dêr't harkers de muzyk by oanfreegje kin.

De einredaksje wrakselet mei de begutting 2025 lit Ingrid Spijkers witte; de budzjetten moatte ferskood wurde fan radio/tv nei online, dat is net in maklike opdracht. Alle programma's en eveneminten wurde bepraat en der moatte karren makke wurde.

Yn prinsipe giet it net om in besuniging, mar om ferskowing fan radio/tv nei online en sjosjals. Dat jildt foar de programma's mar ek in ferskowing fan it wurk fan de meiwurkers (wurdt mear multifunksjoneel).

Pytrik Kooistra soe it nijsgjirrich fine om ris sifers te sjen dy't sjen litte hoe't jongeren de sosjals fan bygelyks de Top 100 besjogge → **aksje sifers op de wurklist maart** hoe't de doelgroep jongerein mear behelle wurdt.

Tina Lageweg: Ofrûne simmer hat Omrop MAX oanjûn by it Skûtsjesilen dat se net wis wiene oft se kommend jier noch wol by it Skûtsjesilen oanwêzich binne; hat dat ynfloed op ús eigen útstjoeringen? Haadredakteur lit witte dat dat net it gefal is, dêr makket de Omrop har eigen kar yn.

Foarsitter Fokkema seit de haadredakteur tige tank foar de taljochting en jout oan dat de Mediaried sa in goed byld krigen hat fan de winter- en krystprogrammearring.

4. Jierplan 2025 Omrop Fryslân

De Mediaried hat yn har gearkomste fan maaie 2024 neffens de beliedssyklus by de Kaderbrief har ynbring levere foar de programmearring 2025. Dat hat syn útwurking krigen yn it Jierplan 2025, dat yntusken fêststeld is troch de Ried fan Kommissarissen. Hjiryn is de ynbring fan de Mediaried ferwurke. Foarsitter freget hoe't we de ûnderwerpen lykas diversiteit en ynklúzje, ferieningslibben en bewegingsearmoed weromsjen kinne yn it jierplan. Haadredakteur jout oan dat dizze ûnderwerpen by alle ôfdielingen dellein binne sadat it meinaam wurde kin yn de programma's; der wurdt lykwols net in folslein programma oer bygelyks diversiteit/ynklusiviteit makke. De ûnderwerpen wurde ferwurke yn de programma's as in soarte fan reade tried. Yn bepaalde ferhalen wurdt dat oppakt. We komme no bygelyks mei HEA! mei 'wat hinget der by jo boppe de bank' by minsken binnen dêr't we oars net binnen komme, lykas bûtenlanners en bepaalde buerten dêr't we oars net faak komme (diversiteit). Fryslan DOK is dwaande mei sûnens/previnsje. En der is in twalûk makke oer de sosjale tún, wat ûnder oare oer partisipaasje en sûnens giet. De searje LDODK gie bygelyks oer it ferieningslibben. Ingrid Spijkers jout oan dat it in oandachtspunt foar de programma's bliuwt. Ofpraat wurdt dat der linkjes sammele wurde fan de ferhalen dy't de Omrop brocht hat mei de ûnderwerpen dy't oanjûn binne troch de Mediaried – **aksje haadredakteur**

Anne Jochum de Vries freget oft de Omrop nije meiwurkers goed fêst hâlde kin ('Bine en Boeie' yn it jierplan). Ingrid Spijkers jout oan dat dat wat de sjoernalistike meiwurkers oanbelanget, goed slagget. De Omrop is op it stuit op syk nei in AI-engineer (foar in sjoernalistike ynstek en de ynhâldlike prosessen), dat is lykwols wol wat dreger.

Bestjoerder lit witte dat de kwaliteit fan it Frysk ien fan de grutste risiko-faktoaren is, mar dat we hoopje dat de rol fan de minor Frysktalige sjoernalistyk (by NHL Stenden) dêr wat posityfs foar docht. Ek binnen de Omrop wurde workshops hâlden foar alle meiwurkers en binne der maatwurkkursussen en taalbuddy's.

Dêrneist lit bestjoerder witte dat der eins altiten wol sollisitanten by de Omrop binne en dat we hieltiten mear stazjêres en trainees bine kinne. Der wurdt sûnt ôfrûne jier wurke oan in Strategyske Personielsplanning (SPP), dêr binne we al hiel fier mei, we sjogge sa better oankommen wat der útgiet en wêr't bygelyks de kwetsbere funksjes sitte.

Fan út de Mediaried wurdt frege oft der oangeande de taal ek gearwurking socht wurde kin mei de oare mediabedriuwen. Bestjoerder lit witte dat dat yn 'e takomst miskien wol mear oppakt wurde moat. Yn Den Haach wurdt der ek mear praat oer it mooglik meitsjen fan publyk/private gearwurking, op it stuit is dat noch net mooglik. Mar de Omrop soe dêr wol foarstanner foar wêze, in plurifoarm medialânskip is wichtich foar de media yn Fryslân.

Daniëlle Gort freget wat de wet DBA foar gefolgen foar de freelancers fan de Omrop hat.

Bestjoerder lit witte dat dat noch net dúdlik is, mar we binne hjiroer yn petear mei de freelancers. Dêrby wurdt ek de fraach steld oft de freelancer yn tsjinst komme wol.

Kommend jier sil in soarte fan oergongsjier wêze. In oantal lytse saken hat de Omrop al earder regele (bygelyks oanpassings by it krystpakket en útnûging foar feestjes ensfh.)

Foarsitter seit elkenien tank foar de ynbring.

5. Achterban-byienkomst 2025

Yn de desimber-gearkomste is al bepraat dat de Mediaried ek yn 2025 in achterban-byienkomst organisearje wol. De tema's dy't doe beneamd binne:

A: Wenjen

B: Feroarjende en tekoarten op arbeidsmerk

C: Previnsje

De ûnderwerpen wurde bepraat en alle leden litte witte wêr't harren foarkar nei út giet. De leden jouwe oan dat der benammen rekken mei hâlden wurde moat dat de Omrop der mei út 'e fuotten kin.

Beslút: De leden beslute om foar C (previnsje) te gean en dat de foarkar der nei út giet om foar takom' jier oandacht te jaan oan B (feroarjende en tekoarten arbeidsmerk).

De leden dy't hjir tegearre mei de haadredakteur mei oan 'e slach sille binne: Tina Lageweg, Danielle Gort en Marrit de Schiffart. De foarsitter advisearret om it begrinze te hâlden kwa tema en dúdlike fraachstikken/ûnderwerpen foar te lizzen.

It doel is om de gearkomste ein maart/ begjin april fêst te lizzen.

6. Meidielingen

- Fertrouwen yn de sjoernalistyk: Ingrid Spijkers lit witte dat de Omrop ek noch in ûndersyk mei it Sociaal planburo docht oer hoe't de minsken nei ús sjogge as it om betroubere sjoernalistyk giet. En wat driuwt nijsmijers?
- Buro Lokaal: Der wurdt no ek in gearwurking opstarten mei de tredde streek-omrop Radio Spannenburg, dêrmei is de Omrop dan ek aktyf yn it suden fan de provinsje.
- De Ried fan Fryske beweging: De namme is wizige nei 'De Fryske Beweging (DFB)' lit Nynke Beetstra witte. Dêrneist jout se oan dat se ynkoarten út it bestjoer fan de DFB giet, mar ôfpraat is dat se foarearst út namme fan it bestjoer yn de Mediaried sitten bliuwe kin.
- Utnûging foar de Fryslân DOK-dokumintêre 'BBB yn alle Steaten': Foarsitter hat hjirby oanwêzich west en jout oan dat it moai wie om ris mei te meitsjen. It wie in jûn mei in grutte opkomst.

7. Roaster fan ôfgean

Foar it kommend jier steane der gjin wizigingen of werbeneamingen op it roaster.

Bestjoerder lit noch witte dat de ôffisjele beneaming fan Pytrik Kooistra-de Groot wat langer op him wachte hat troch in flater by de Provinsje. As it goed is wurdt de offisjele brief oangeande de beneaming ynkoarten ferstjoerd. Ofpraat wurdt om de beneaming yngean te litten op 30 septimber 2024.

8. Konsept gearkomstedata 2025

De útstellen foar de gearkomsten 2025 wurde fêststeld.

- Moandei 3 maart 2025 om 16.00 oere
- Moandei 19 maaie 2025 om 16.00 oere
- Moandei 15 septimber 2025 om 16.00 oere
- Moandei 8 desimber 2025 om 16.00 oere

9. Omfreegjen

- Haadredakteur freget de Ried oft harren de lêste tiid by de Omrop noch wat opfallen is: Nynke Beetstra is fan miening dat Roelof de Vries it goed docht mei de Vrieske Wike en Eric Ennema mei de Stân fan Fryslân.
Pytrik Kooistra-de Groot fûn de podcast 'Sicco, de verdwenen marechaussee' wol nijsgjirrich en soe graach mear fan dit soarte podcasts hearre. Se hearde yn har freonekring soks ek.
Tina Lageweg: wat is de reden fan de winsk fan mear ûndersyksjoernalistyk? Haadredakteur jout oan dat der safolle saken binne dy't wol nijsgjirrich binne om út te sykjen. Mar de Omrop sil fansels net op de stoel fan de plysje sitten gean. It kostet tefolle tiid om der efkes by te dwaan.
Marrit de Schiffart freget har ôf oft de columns ek mist wurde. Haadredakteur jout oan dat net it gefal is, der is amper op reagearre. Der komt anst wol by Goeiemiddei wer in column oer it Biltsk en it Stellingwerfsk.
Koart wurdt it noch even oer de werhellingen yn it moarnsprogramma praat; as it goed is binne dizze der de ôfrûne tiid safolle mooglik út helle, lit haadredakteur witte.
Pytrik Kooistra-de Groot soe it wol aardich fine om ris spesifyk op in spesjaal programma te letten, sadat je dêr yn it foar wat mear oandacht foar hawwe kinne.
Ofpraat wurdt om dat ris in kear op de wurklist te setten as refleksje → **Aksje** Mediaried krijt dat foarôfgeand oan in gearkomste te hearren.
- Doeke Fokkema freget him ôf wêrom't de blokjes ûnderoan op TV net mear syngroan rinne foar it weromsjen fan de programma's op TV. Haadredakteur lit witte dat de Omrop dat net regelje kin, dat leit oan de bedriuwen lykas Ziggo en KPN. De programmearring wurdt wol op 'e tiid nei de bedriuwen ferstjoerd. It is better om de programma's fia Youtube of ús eigen webside/app werom te sjen.
- Ynventarisasje ûnderwerpen foar de folgjende gearkomste; neist wat der yn de gearkomste beneamd is, binne der foarearst gjin nije ûnderwerpen.

10. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en winsket elkenien goeie feestdagen. De gearkomste wurdt om likernôch 17.45 oere ôfsluten.